

Cultuur  
 Film  
 Media  
 Boeken  
 Theater  
 Muziek  
 Beeldende  
 kunst  
 Agenda



## Tusken wet en praktyk

Wa't wol, kin in jûchheiferhaal hâlde oer it Frysk. Sjoch hoe't it de romte krijt yn it ûnderwiis, de wittenskip en de literatuer, sjoch hoe't it libbet op 'e planken. En 'offisjeel' giet it ek goed: nei jierren fan striid is it brûken fan it Frysk fan in geunst in rjocht wurden, de ferline jier oannommen Taalwet is de definitive besegeling fan syn lykberjochting en lykweardigens. Sadwaande is taalpolityk gjin taalstriid mear. Op papier, yn regels en foarskriften, is alles kreas regele, mei as stôk efter de doar it troch it ryksregear yn 1996 ûndertekene Europeesk Hânfest fan Regionale Talen of Talen fan Minderheden. Wat kin men noch mear dwaan?

Dan komt de kearside yn byld, de drege praktyk. It Frysk is ommers lang net lykweardich. It Nederlânsk is dominant, is wichtich foar karriêre en status. It Frysk is de smûke taal fan de húshâlding, fan it doarp, de streek, de 'taal fan it hert': yn de deistige omgong allinnich brûkber foar *small talk*, foar ditsjes en datsjes, mar tekoartsjittend foar it beneamen en oplossen fan de problemen dêr't Fryslân, Nederlân en de wrâld mei oantangele binne.

De steaten hawwe ek bûter op 'e holle. Mûnling komme se in hiel ein, mar skriftlik liket it nei fleanen. Jo stroffelje op de Twibaksmerk oer de kommunikaasjemeiwurkers, mar oan it Frysk baarne se har blykber net.

### “ Wat ha de Friezen echt foar har memmetaal oer?

Sels oer de telefoan wurde jo yn it Hollânsk ferwolkomme. Wel zo beleefd. Rop de webside fan de provinsje op, klik op it pompeblêdflachje en jo wurde yn it Frysk paadwiis makke mar fierder wer yn it Nederlânsk holpen. Noch sa'n neatsizzende belofte: by likense kwaliteiten jout aktive behearsking fan it Frysk de trochslach. Wêrom net: wa't syn bêst docht it Frysk mûnling en safolle mooglik skriftlik yn syn wurk te brûken, wurdt dêrfoar ekstra beleanne.

Mar nee, it Frysk is yn it amtlike en offisjele ferkear fierhinne in deade letter bleaun. Mear as geveltsjefrysk wol it amper wurde. En dat is wol te ferklearjen: it Nederlânsk sparret in soad tiid út.

Yn it net-offisjele ferkear, yn de omgong, hearre jo it ek hieltyd minder. Dêrom set de Ried fan de Fryske Beweging út ein mei it projekt 'Fan ûnderen op', in besykjen om de gewoane man en frou yn doarp en stêd bewuster fan har memmetaal te meitsjen. Dat bart mei help fan toanielstikjes en spultsjes.

In nij soarte fan Winterjûnenocht. Oft hieltyd mear minsken dêrtroch it Frysk brûke sille, sil wittenskiplik metten wurde troch de Ryksuniversiteit Grins.

Ald-GrienLinks steatelid Willem Verf pleitet al sûnt de jierren tachtich foar in brede maatskiplike diskusje, kulturearjend yn de hamfraach foar in referendum: wat is de taal, it libben brûken derfan yn alderhanne fermiddens, de Friezen wurdich? Fansels ek finansjeel: ha se der echt wat foar oer? By in plan-út ja soe dat in dúdlik sinjaal wêze foar de provinsje, dy't sa'n útslach net negearje kin en royaalder as oait ta de ponge moat.

Fryske bewegers riede sa'n referendum lykwols ôf út eangst foar in negative útkomst, dy't dan neffens har troch de oerheid oangrypt wurde kin om al dy mei in soad pine en muoite berikte fasiliteiten en potsjes ien foar ien ôf te brekken. Sels soe ik it mei in skean each op de Nupotten wol oandoare. It is no of noait.